

Twatalige opfieding nei de berte

S.T. Hiemstra

Op it stik fan de twatalige opfieding blike der nochal wat fragen en ûndúdlikheden te bestean. Likegoed by âlden as by learkrêften, logopedisten en oare opfieders en helperlieners. It ferskynsel dat de heit fan it bern in oare memmetaal hat as de mem is yn Fryslân o sa bekend. En dan is it mar de fraach yn hokker taal oft se har bern grutbringe sille. Gauris wint it Hollânsk de slach fan it Frysk. Mar ek oer de lânsgrinzen hinne wurde der pearen foarme en wurdt der trouw. Neigeraden dat de grinzen mear iepengeane yn ús part fan Europa en der mear twatalige pearen foarme wurde, sil ek it belang fan in twatalige opfieding grutter wurde. Yn in artikel fan A. Klaassen, A.S. Vennis-Wiers en A.J.A.M. Bomers, dat stien hat yn *Logopedie en Foniatrie* (62, 1990, 222-225), komt it probleem oan de oarder dat ien fan de âlden Nederlanner is en de oare âlder Westereuropeaan (Frânsktalich, Ingelsktalich, Dútsktalich, ensfh.). De trije skriuwers binne oer grûn fan literatuerstúdzje ta de konklúzje kommen dat der yn Nederlân net folle publisearre is oer twatalige opfieding dy't daliks by de berte al begjint. It measte is te finen yn bûtenlânske boarnen. Se hawwe besocht harren ynsjoch te ferdjipjen troch in stik of njoggen âlderpearen in fraachpetear ôf te nimmen mei help fan in selsmakke fragelist. Fierders besprekke se twa metoaden fan twatalige opfieding. Ien metoade wurkje se wat wiidweidiger út, ntl. de *simultane metoade*. De opfettings dêroer ûntliene se oan Arnberg en Kielhöfer. Dy waarden neffens de auteurs troch de ynterviews befêstige. Ik fûn it artikel nijsgjirrigernôch om de foar de Fryske situaasje meast relevante ynformaasje yn *De Pompeblêden* oer te nimmen.

Literatuerûndersyk

De skriuwers jouwe oan dat de definiearring fan twataligens by gâns skriuwers tiige útinoar rint. Se jouwe dêr inkelde priuwkes fan.

1. 'it fermogen om folsleine en betsjuttingsfolle uterings te produsearjen yn twa talen' (McLaughlin, 1978);
2. 'it ôfwikseljend brûken fan twa talen. Dêrby moat der sprake wêze fan in fermogen om fluch fan de iene taal op de oare oer te skeakeljen' (Weinreich, 1977);
3. 'it fermogen om jin yn twa talen út te drukken' (Boelens, 1975);
4. 'it op in natuerlike wize (fan de berte ôf) ferwurven besit fan twa talen' (Klaassen en Wiers, 1989).

Se ûnderskiede globaal twa metoaden om twatalich op te fieden.

De simultane opfiedingsmetoade

By dizze metoade wurde de talen, ornaris fan de berte ôf, tagelyk leard. Foarbylden dêrfan binne: de *mingde* metoade en de metoade fan *ien persoan/ien taal*. By de *mingde* metoade prate de âlden op it iene stuit taal x en op it oare stuit taal y tsjin har bern. By de metoade fan *ien persoan/ien taal* praat ien fan de âlden altyd taal x en de oare altyd taal y tsjin it bern.

De suksessive opfiedingsmetoade

By dizze metoade wurde de twa talen nei

inoar leard. In foarbyld dêrfan is as it bern earst taal x leart en letter, as it nei skoalle giet, taal y derby komt.

It tredde libbensjier wurdt brûkt om in ûnderskied te meitsjen tusken simultaan en suksessyf.

Nei it tredde libbensjier wurdt de opfieding suksessyf neamd, *foar* dy tiid simultaan (McLaughlin, 1978; Arnberg, 1987). Oant it tredde jier is dus in ien- en twatalige opfieding mooglik. De twatalige opfieding draacht dan in simultaan karakter. By ientalige bern draacht in twatalige opfieding nei it tredde jier dus in suksessyf karakter. Wat der ek keazen wurdt, it moat wol *konsekwinnt* dien wurde, sa docht hielyd wer bliken út de literatuer.

Ien persoan/ien taal

De skriuwers jouwe fierders in útwurking fan de simultane strategy fan ien persoan/ien taal. Dy oanpak wurdt ek wol oantsjut as it *partnerprinsipe*. Dat hâldt yn dat elts fan de âlden in oare taal



partnerprinsipe . . .

tsjin it bern praat. Op dy wize wurde de beide talen funksjoneel útinoar holden. Der is in ferdieling fan persoanen nei taal x en taal y. Dat is ien fan de wichtichste betingsten foar it slagjen fan de twatalige opfieding.

Hoewol't dat sa konsekwinnt mooglik folholden wurde moat, binne der situaasjes dat in âlder (efkes) in oare taal tsjin it bern prate mei. Bgl. op mominten dat in bern in wurd yn de iene taal net wit. De âlder spilet dan de rol fan fertaler en praat dan (efkes) yn de oare taal. Der kinne ek situaasjes wêze dat de âlder alle oare bern út 'e wenkrite yn de oare taal oansprekke moat en dat it eigen bern dêrby oanwêzich is. It bern sels moat him wol oan it partnerprinsipe hâlde.

Swakke taal en sterke taal

No kin de situaasje der sa hinne lizze dat de taal fan de húshâlding oars is as dy fan de streek of it lân dêr't men wennet. Wol men dan ta in goede taalbehearsking komme fan beide talen, dan kin de swakke taal it bêste as taal fan de húshâlding oanhouden wurde, omdat de sterke taal dêrbûten al in oerhearskjende posysje hat. As it bern nei skoalle giet, kriget dy sterke taal ornaris ek in protte oandacht en ynfloed en dan moat de húshâlding soargje foar in lykwichtiger situaasje.

Twatalige ûntjouwing

It brûken fan twa talen is oan regels bûn dy't fan it bern freget dat it omskeakeljje kin. It omskeakeljje en it ûnderskiede kinnen fan twa talen is in proses dat stap foar stap ferrint. Yn 'e earste opslach wurdt de wurdskat ûngelikens oer de beide talen ferdielt. Heit en mem biede net allebeide krekt deselde wurden oan yn har eigen taal. As bern lykwols sels freegje hoe't eat yn in oare taal hjit, kinne de wurdsoarten mear gelyk ferdielt wurde. De twa- en mearwurdsinnen komme yn beide talen tagelyk. Men wol wol hawwe dat der by it oaneigningsproses noch amper ûnderskied makke wurdt tusken de grûnstruktueren fan de talen. Dêrtroch kin it parallel learen fan in swakke en in sterke taal foar in part ferklearre wurde (Kielhöfer, 1983).

As it bern sa likernôch trije jier is, wurde yn beide talen kompleksere sinnen brûkt.

Meastal is de ûntjouwing fan de sterke taal gelyk oan dy by ientaligen. As lykwols de sterke taal as noarm steld wurdt, dan kinne yn de swakke taal fertragings foarkomme. Dat is te fernimmen oan de wurdskat.

As it bern net leard hat om ûnderskied te meitsjen tusken beide talen, dan sil de foarútgong yn beide talen fertraging oprinne. It bern sil him oer it generaal om it fjirde jier hinne folslein bewust wêze fan de twa talen, mar dat kin it bern wol ris wat ferskille. Alden en learkrêften kinne it bern dêrby helpe troch geregeld mei it bern te praten oer de ferskillen tusken de talen en it bern de gelegenheid te jaan ûnderfining op te dwaan mei dy talen.

Yn de rin fan it twatalige ûntwikkelingsproses kinne der taalferskynsels ûntstean dy't jin mooglik tinken dogge oan steurnissen, lykas:

1. *it mingen fan taal*. Wurden, sinnen of parten fan sinnen wurde trochinoar brûkt, benammen as it bern sa gau net op de wurden yn de oare taal komme kin. Soks komt foaral foar oant de âldens fan sa'n twa-en-in-heal jier. As it bern him mear bewust wurdt fan de twataligens betteret dat ornaris oer.
2. *koade-wikseling*. Soks komt foar as der bewust en/of mei in bedoeling oerstapt wurdt op de oare taal ('switch'). Dêr kin in reden ta wêze, bgl. it út 'e wei helpen fan in misferstân.
3. *ynterferinsje*. By ynterferinsje begjinne regels fan beide talen ûnopsetlik en sûnder erch oerinoar hinne te skowen. Soks kin jin steure as dat by oaren foarkomt. De skriuwers sizze dat it foarkomt ûnder ynfloed fan konsintraasjeferlies, wurgens of spannings. Se geane der dan blykber fan út dat de taalbrûker wol better wit. Ut de Fryske situaasjes witte wy lykwols dat de sterke taal (it Hollânsk) sa'n ynfloed hat, dat gâns taalbrûkers nèt better witte of kinne. Mooglik soene de skriuwers yn dat gefal leaver prate fan mingtaal, lykas by punt fjouwer beskreaun wurdt.

Ynterferinsje kin foarkomme op alle taalnivo's:

- a. *fonologysk*. Bgl. stinshawwend yn de iene taal, stimleas yn de oare taal;
- b. *grammatikaal*. Bgl. as wurdpatroa-

nen omset wurde;

c. *leksikaal*. Bgl. as wurden fan de iene taal brûkt wurde yn de oare taal.

Foar de Fryske situaasje kriget men in better oer- en ynsjoch nei it trochnimmen fan it boekje: P. Breuker e.o., *Foar de taalspiegel*, Ljouwert: AFUK, 1992 (2de pr.). Benammen haadstik 1: 'Min' en 'geef' Frysk is tige ferhelderjend.

4. *mingtaal*. Der is sprake fan mingtaal as it trochinoar heljen fan taal en ynterferinsje geregeld foarkomt en dy taal in eigen libben begjint te krijen.



Sytze T. Hiemstra

Yn 'e húshâlding wurdt sa'n mingtaal net mear as ôfwikend sjoen. It bart net selden dat it bern dêrtroch net ien fan beide talen goed leart (Klaassen en Wiers, 1989).

It kin ek noch foarkomme, dat in bern wegeret om ien fan de talen te praten. Soks kin komme troch emosjonele of sosjale faktoaren of troch it grutte ferskil yn behearsking fan de swakke en de sterke taal.

Pratykûndersyk

It praktykûndersyk is dien by njoggen âlderpearen dy't har bern allegear fan de berte ôf twatalich opbrocht hawwe, wylst ien fan de âlden it Hollânsk as memmetaal hie en de oare in oare Westeuropeeske taal (Ingelsk, Dútsk, Frânsk). De auteurs hawwe by de minsken thús in enkête ôfnommen. Der wiene 26 algemiene standertfragen, bgl. oer de motivaasje om twatalich op te fieden, de wize dêr't dat op dien is en de reaksje dêrop om har hinne. Fierders waarden der noch tweintich fragen steld oer de taalûntwikkeling. Dêrby waard yngon-

gen op de ûntjouwing fan beide talen yn ferskillende situaasjes.

Dêrby kaam û.o. it folgjende nei foaren:

- Nochal wat âlden hawwe út harsels de metoade fan ien persoan/ien taal hantearre, sûnder dêr fan tefoaren wat oer lêzen te hawwen.
- Alden moatte tefoaren komme dat se har begjinne te skamjen foar it praten fan de swakke taal tsjin harren bern as der oaren by binne. It bern fielt soks oan en nimt dy hâlding fluch oer.
- De taal fan de wenkrite hat in sterke ynfloed op de swakke taal. Alden stappe dêrtroch maklik op dy sterkere taal oer.
- Yn de measte gefallen is it oanbod net yn 't lykwicht (50 : 50). Der ûntstiet benammen in ferskowing as it bern nei skoalle giet.
- De motivaasje, de eigen wil fan de bern om twa talen te learen, is foar guon âlden wichtich.
- De Nederlânske grammatika hat net te lijen fan de twatalige opfieding.
- Bern, by wa't de oanpak fan ien persoan/ien taal net konsekwiint trochfierd waard, hiene de swakke taal net goed yn 'e macht.

Konklúzjes

De auteurs lûke nei oanlieding fan har literatuerstúdzje en har praktykûndersyk as wichtichste konklúzjes de neikommende:

1. de keazen metoade om bern twatalich grut te bringen moat konsekwiint trochfierd wurde;
2. de bêste situaasje is dy fan ien persoan/ien taal;
3. de swakke taal kin it bêste as taal fan de húshâlding funksjonearre;
4. der moat in lykwichtich oanbod fan beide talen wêze.

Boarnen

De wichtichste boarnen dy't yn it artikel fan Klaassen c.s. steane, binne:

1. Arnberg, L. (1987), *Raising children bilingual: The pre-school years*, Clevedon.
2. Kielhöfer, B., S. Jonekeit (1983), *Zweisprachige Kindererziehung*, Tübingen, Staufenberg-Verlag.
3. Klaassen, A., A.S. Wiers (1989), *Tweatalige opvoeding vanaf de geboorte*, scriptie Hogeschool Nijmegen, studierichting logopedie.
4. McLaughlin, B. (1978), *Second-Language Acquisition in childhood*, New Jersey. ■